

Spulwike Nijs



Spulwike Littenseradiel 2016 • 18 oant en mei 22 july 2016 • 14^e jiergong



Fan de foarsitter Holle Bolle Tsjing!

It is tongersdeitejûn. Tegearre mei Geertje stean ik op de brêge yn AB Littens. We sjogge om ús hinne: de bêrn en lieders sitte yn de kring en om harren hinne steane âlders, freonen, famylje en oare bekinden dy't mei ús dizze machtige wike ôfslúte wolle. Op dat stuit bart yn Eastermerke itselde en bin ik jaloersk op de bêrn en lieding yn Wurkem dy't nog in machtige jûn en nacht by famylje Flapper temjitte geane. It byld fan al dy minsken op it fjild is elts jier wer in machtich gesicht en makket altyd wer in soad yndruk. It docht ús beseffen wêr't wy dit allegear meiïnoar foar dogge: de bêrn út de prachtige gemeente Littenseradiel.

Bêste bêrn en oare lêzers fan alwer de 14e Spulwike Krante. Boppesteande is samar in momint út de Spulwike hoe't ik dizze belibje mocht. Ik wit seker dat elts fan jimme wol sa'n momint hat, in momint dat antwurd jout op de fraach wat Spulwike 2016 foar dy wie en hoe ast it belibbe hast. Dizze krante helpt dêr in stikje by. Hy stiet nammentlik wer fol mei ferhalen en prachtige foto's dy't ús hiel efkes wer werombringe nei de fjilden en arena's yn Weidum, Easterwierrum en Easterlittens wêr't yn in baarnende sinne wer in machtich Spulwike-feest plakfûn hat. Mocht it sa wêze datst nei it lêzen fan de krante nog mear fan Spulwike sjen wolst, dan kin dat. Op YouTube moatst dan efkes sykje nei 'Spulwike 2016'. Resultaat: in supercoole



megaleuke aftermovie fan Spulwike, makke troch Wybo en Jorrit!

Út namme fan alle frijwilligers wol ik fia dizze wei ús stipers, gemeente Littenseradiel en alle oare belutsen partijen tige tank sizze foar harren bydrage oan Spulwike 2016. Op welke wize dan ek: geweldig dat jimme ek dit jier wer jim bydrage leverje woene oan dit unike evenemint. Wy winskje jimme allegear noch in prachtige simmer ta en graach oant oare jier!

Johannes Hazenberg
Foarsitter Stichting Spulwike Littenseradiel

Pssst..... Bêrn, wisten jimme dat Spulwike takomend jier 45 jier bestiet en dat dêrom op de freed in ekstra dei Spulwike is?! Dat wolle jimme dochs net misse? Wy hoopje dan ek dat jimme takomend jier allegear wer nei de Spulwike komme!



Spulwike en it mystearje fan de stellen kamera.

Side 2



Swimme, spultsjes en spekjes.

Side 3



Pikefel.

Side 6



Freonen fan de Spulwike: "Mei-inoar foar de bern".

Side 8



Winkelsintrum ‘De Miskeap’



ferrinne sûnder bernepraat. Sa wie der in famke dy’t har liedster frege of se ek op in jonge like. Har liedster sei dat dat wol mei foel, mar frege har ôf werom dizze fraach steld waard. It famke antwurddde hjirop: ‘Nou, ik ha in rol mentos yn myn broek’. Mei sokke opmerkings kamen sawol de liederders as de bern de dei wol troch. De bern binne super entûsjast en dy hawwe wy de rest fan de wike dan ek mei in soad sin werom sjoen yn Eastermerke!

Troch: Elke en Anke

EASTERWIERRUM - It is safier: de earste dei fan de Spulwike fan 2016 is oanbrutsen! De bern komme senuwefich binnen druppeljen, wylst de liederders al yn harren rol sitte. De dei wurdt entûsjast starten mei de wolbekinde spulwikeferskes. As alle bern in plakje ha, begjint it feest: hippe shirts, tintsje bouwe,

sjonge en as hichtepunt it ferfgefecht. Yn dizze kleurrike outfits ha de bern spultsjes dien op it terrein en middeis yn it doarp. Troch it hege oantal sinnestrie-

len fan dizze dei, is der optimaal gebrûk makke fan it swimbad. Der wie suver gjin wetter mear te sjen, safolle bern yn ien bad. Sa’n earste dei kin natuerlik net

It Spulwikefeest giet wer los!

EASTERLITTENS - Moandeitemoarn gie de Spulwike wer los. De bêrn en de liederders hienen in goed sin en it sintsje wie der al betiid by! Ferskes sjonge, tinten bouwe, liederders yn’e feart goaie en fansels it wolbekinde ferve smiten! Rûn 9.30 oere raazden de bêrn om hun liederders en dy kamen doe út alle hoeken. It feest koe los! Wy begongen mei de Spulwikehit en doe wie it tiid foar it earste spul: ‘Sykje dyn groepsshirts!’

Dit ferûn entûsjast en goed! Weromkommen op it fjild moasten de bêrn harren spierballen sjen litte mei it tinten bouwen. Nei in spannende ranjadrink-wedstried tusken de liederders, foar it spul ‘Myn lieder is de Bestel!’, koe it ferve smiten begjinne. Doe’t alle bêrn en liederders ûnwerkenber wienen, wie it tiid om foto’s meitsjen foar de fotolistjes. Middeis stie ‘Sport en spul’ op it

programma. In speurtocht troch Littens stie op de planning, en mei dit moaie waar koe in dûk yn De Brân fansels net ûntbrekke! Yntusken wiene de oare groepkes al drok bezig mei ferskate spultsjes op it fjild. Disse machtige ‘Sport en spul’ op dei ien fan’e Spulwike hat de toan setten foar in pear geweldige dagen yn it foarûtsjoch!

Troch: Djoeko en Greetje



Spulwike en it mystearje fan de stellen kamera



WEIDUM - De dei begûn al goed mei fantastysk waar. It tema is dit jier ‘Beroppen’ en no binne Koos Werkloos en Krea Bea opsyk nei in berop dat by harren past. Neidat de bern harren lieder fûn hiene mei behelp van een spultsje, gie elkenien nei de arena. Fan sykjen krije wurde jo roppich, dus in stikje bôle en wat molke wiene op harren plak. De bern koenen der wer tsjinoan en bondelden harren krêften yn it bouen fan in tint en fansels it ferfgefecht! De bern binne allegearre wer prachtich op de foto kaam!

Wat wol spitich wie; Bea har kamera wie stellen. Dizze moast fansels wer werom fûn wurde. De plysje wie al ynskeakele, mar hy sei dat der earst mar ris detectives meihelpe moasten. Hy frege de bern om mei te speuren en sa hooplik wer de kamera werom te

finen. Uteinlik is de plysje dochs sels mar op ûndersyk gien, om’t it dochs wol lestich wie, dat boeven fangen.

Ynienen wie der in plysjebuske mei gûlende sirenes! Soe de boef dan dochs pakt wêze? Der sieten trije mooglike boeven yn it buske. Nei ferskillende kearen besykjen út te brekken, werby’t de bern hiel goed de plysje holpen hawwe om de boeven yn de arena te hâlden, koe de boef ûntmaskere wurde troch de koade dy’t de bern fersammele hiene troch spultsjes te dwaan. De koade wie fan in kist dêr’t in foto yn siet fan de boef. Gelokkich wie der help fan de plysje en fan de bern. Koos en Bea sille dochs mar een oar berop sykje moatte, want se bin net sokke goeie detectives...

Troch: Grea en Anouk

Swimme, spultsjes en spekjes!



EASTERLITTENS - Dêr wie der alwer, de twadde dei fan Spulwike yn AB Littens. De lieder stiene fanmoarn klear om alle topbêrn wer te ûntfangen yn'e kring. Nei in koarte útlis gie it 'Spul om'e piip' los yn Littens. Alle lieder hiene geweldige spultsjes betocht foar de bêrn en dizze om'e piip fan de eardere Littenser molkfabryk delsetten. Dizze spultsjes giene troch oant it middeisskoft. Nei in lekker stikje bôle en kâlde (poeier-) molke gie it 'Pleatsespul' fan start. Dit jier, folslein nij yn Littens, mei flotbouwe by De Brân. De bêrn wiene net te hâlden, troch it geweldig moaie waar hiene de bêrn der totaal gjin problemen mei om de Frensjerterfeart te trotsearjen mei harren selsmakke flotten. Dit ûntierde fansels yn in grut wetterspektakel. En yntusken wie der op oare plakken yn Littens ek genôch te belibjen. Lykas it ôfgrysliek drege lazerparkoers wêr't de bêrn harren helm, mei dêrop in bakje wetter, nei de oare kant fan it parkoers bringe moasten. De dei eindige wer mei de Yslânske *HOOH* *CLAP* en de 'Knock-out show' fan 'Myn Lieder is de beste!' wêr't de lieder safolle mooglik spekjes yn de mûle proppe moasten. We sjogge no al út nei moarn: swimme yn Wommels mei troysk waar!

Troch: Esmée en Pyter

Bikkelje troch de blauwe drek



ne obstakels. Sa moasten de bern oer in toubrêge hinne klimme oer de sleat en moasten se ek in echte blauwedrekstoarmbaan oer. De stoarmbaan bestie ûnder oaren út it oer in houten plaat hinne klimmen en in slalom. Doe leine der autobannen dêr't je troch hinne stappe moasten, wêrnei't de bern oer in evenwichtsbalk nei in tigernet rinne moasten. Dêr trochhinne en dat wie de ein. It net siet fol blauwe drek, mar dernei mochten de bern gelokkich yn de sleat. Ek wie der in grutte glydbaan dêr't se mei in swimbân fanôf gliidzje koenen. Der binne hiel folle bern de sleat yn rekke, mei sin of perûngelok fansels. Alle bern binne wiet wurden, want oan'e ein fan de survival mocht elkenien lekker swimme.

Troch: Thomas en Anouk

Eastermerke brûzet fan enerzjy



EASTERWIERRUM - Tiisdei is de dei fan de foksejacht, spultsjes op it fjild, pankoeke en natuerlik de optocht! Moarns komme we by in groepke bern, dat noch wat op gong komme moat, wurrich fan alle yndrukken fan de dei derfoar. Mar wat hawwe se der allegear wer nocht oan! No al sin oan pankoeke en hearlik swimme yn ús swimbad. Yn koarte tiid sit de stimming der wer yn en komt de enerzjy by eltsenien wer los! De foksen binne geweldig mei de bern. We dogge leuke spultsjes en chille ek in soad, want it sintsje skynt en dêrtroch is it hearlik waar!

swimme en fine it machtich as de lieder ek mei geane nei it swimbad, of better noch: dat de lieder de feart yn geane! It leafst sa smarch mooglik! As it mikrofoantrio dan ek de feart yn giet, is der hast gjin hâlden mear oan; we ha allegear safolle wille! De bern laitsje harren slop om de lieder dy't mei elkoar wedstrydsjes dogge: knipers op 'e holle, yoghurt ite sûnder te laitsjen, gekke beken fan it iten fan in sitroen of reade piper. En we slute de dei ôf mei de optocht en de klimaks fan it ferhaal. De bern en lieder knalle noch even al har lêste krêften derút! Spulwike is te gek!

De bern wolle dan ek graach Troch: Marlou



Ynkoarten komme alle foto's dy't makke binne wilens de Spulwike op ús webside en op Facebook. Hâld it yn'e gaten! Sjoch op spulwike.frl en folgje ús op Facebook!





DE SPULWIKE SPONSORS FAN 2016:

Architectenbureau Syb C. Eldering B.V. www.sybeldering.nl Mantgum 058-2501819	Administratiekantoor YSA www.ysa.nl Britswert 058-2501888	Accu Service Centrum ASC www.accuservicecentrum.nl Leeuwarden 058-2890900	Auto Haaima www.autohaaima.nl Leeuwarden 058-2882018	Administratiekantoor G. van Putten www.gervanputten.nl Kubaard 0515-331919
Acadis Adler www.acadis.nl Britswert 058-2501753	Audio frysk www.audiofrysk.nl Easterwierrum 058-2501465	Autobedrijf Hoekstra www.autobedrijfhoekstra.nl Hijlaard 058-2519216	Autobedrijf Menno Walinga www.autofit-mennowalinga.nl Winsum 0517-342349	Autobedrijf Sypersma www.autobedrijf-sypersma.nl Easterwierrum 058-2501215
Autobedrijf Wheagan Multicar Service www.wheagan.nl Wommels 0515-333121	Autobedrijf Wielinga Brand Oil Tankstation www.wielinga-wommels.nl Wommels 0515-332876	Autohuis Winsum www.autohuiswinsum.nl Winsum 0517-341917	Autoverkoopbedrijf Van der Wal www.autoverkoopbedrijf.nl Wommels 0515-332800	Bakkerij Sybesma Boksum 058-2541323
Bakker verrekerverhuur Baaium Bakkerverrekerverhuur@gmail.com	Bouw- en Restauratiebedrijf Sytse Douwe van der Vegt www.sdvandervegt.nl Weidum 058-2519247	Boekhoudburo Van Balen www.vanbalenboekhoudburo.nl Jellum 058-2519296	Bos Advocatuur www.bosadvocatuur.nl Winsum 0517-342800	Bos Mechanisatie B.V. www.bosmech.nl Easterein 0515-332125
Beauty & care Amaranthus www.amaranthuswommels.nl Wommels 0515-333353	Bouwbedrijf Andree www.bouwbedrijfandree.nl Boazum 0515-520984	Bouwbedrijf Bootsma www.bouwbedrijfbootsma.nl Easterwierrum 058-2501325	Bouwbedrijf Bootsma B.V. www.bootsma-tirns.nl Tirns 0515-569394	Bouwbedrijf Frankena www.frankenabouw.nl Wommels 0515-331263
Bouwbedrijf Kooistra Kubaard 0515-331330	Bouwbedrijf N. Scharringa www.bouwbedrijfscharringa.nl Wjelsryp 0517-342806	Handelsonderneming Bouwe Jan Bouma Boazum 0515-521351	Bouw-Tekenburo Wietse B. Ligthart www.bouw-tekenburo.nl Wommels 0515-333075	C. Roscher tatoeages Weidum
Café De Boazumer Mjitte www.boazumermjitte.nl Boazum 0515-521274	Restaurant Partycentrum Noflik Easterein www.noflikeasterein.nl Easterein 0515-331290	Café Wiuwert Wiuwert 058-2501372	Couperus Hydrauliek B.V. www.couperushydrauliek.nl Easterein 0515-332288	Comfort Koe www.comfortkoe.nl Wjelsryp 06-10521322
Coop Supermarkt Tolsma www.coop.nl Winsum 0517-341669	De Twadde Tak Mantgum www.detwaddetak.nl 058-2501219 / 06-28455004	Dierenartspraktijk It Griene Hert www.itgrienehert.nl Wommels 0515-331387	Doede De Vries Bouwbedrijf www.doededevries.nl Spannum 0517-342325	Eppie Veenstra Schilderwerken Baard 0517-342077
Echte Bakker Posthuma Wommels, Bolsward, Sneek, Scharnegoutum www.echtebakkerposthuma.nl	Fa. D. Van Wieren VOF Wommels 06-22786867	Folkertsma Metsel- & Klusbedrijf www.folkertsma-metsel-en-klusbedrijf.nl Wjelsryp 0517-341942	Gerbrandy State B&B Groeps Accommodatie www.gerbrandy-state.nl Boazum 0515-521110	Gemeente Littensradiel Wommels 0515-334444 www.littensradiel.nl
Geskikt www.geskikt.nl Weidum 058-2895930	G. Grasman Onderhoudsbedrijf Boazum 06-20805443	Herberg het wapen van Friesland www.hetwapenvanfriesland.nl Easterlittens 0517-342996	Henk de Boer melktechniek www.henkdeboermelktechniek.nl jellum 058-2519488	HBW Montage Baaium 06-55564574
Henk Bootsma Fotografie www.henkbootsmafotografie.nl	Huisartsenpraktijk L.J. Lukkes Weidum 058-2519224	Hoveniersbedrijf T. Melein Easterwierrum 058-250168 / 06-19692904	Hessel's Toiletwagenverhuur www.hesselstoiletverhuur.nl Stiens 058-2574539	Hema Sneek www.hema.nl Sneek 0515-414352
Holiday ice BV www.holidayice.nl Sint Nicolaasga 0513-433000	lisbaankeukens info@iisbaankeukens.nl Wommels 06-51588066	Installatiebedrijf De Jong www.dejonginstallatiebedrijf.nl Easterein 0515-331512	It Reade Hynder www.itreadehynder.nl Wommels 0515-331224	JC Bouw www.jcbouw.nl Wjelsryp 0517-341284
Jant Evenementen www.jantvandijk.nl Mantum 06-20494345	Jansma Wegen & Milieu BV www.jansma.biz Drachten 0512-334070	Kooistra Reizen www.kooistrareizen.nl Franeke	Klaversma Schoenen www.klaversmaschoenen.nl Mantgum 058-2501503	Kamstra steenhandel www.kamstrasteemhandel.nl Hennaard 0515-333432

Op hokker wize dan ek Tige tank



DE SPULWIKE SPONSORS FAN 2016:

Kapsalon Rommy Weidum 058-2519049	Knipkeamer Rixt www.knipkeamerrixt.nl Wirdum 058-2552636	Kinderopvang ‘Bij Maaïke’ Weidum 058-2519841	Kinderopvang Op ‘t hoekje Weidum 058-2519393	Klaversma Bouwbedrijf www.klaversma.nl Mantgum 058-2501619
Klussenbedriuw "It Wiel" www.itwiel.nl Weidum 06-22385802	Frankena Loonbedrijf en Grondverzet www.frankenawinsum.nl Winsum 0517-341681	Lyts kanaän www.lytskanaan.nl Mantgum 058-7110521	Leanbedriuw en Kraanferhier Okkema www.okkema.nl Easterlein 0515-331366	Mestel en voegbedrijf T. Haakma www.haakma.info 0515-332776
Montagebedrijf Marco Bakker info@marcobakermontage.nl Wommels 06-13946145	Modeschoenen Rutten www.rutten4shoes.nl Sneek 0515-414584	Montagebedrijf W.J. Kramer Winsum 0517-342068	Murk's Slagerij www.murksslagerij.nl Wommels 0515-331340	Nico Kloppenborg Tuinontwerp www.nicokloppenborg.nl Mantgum 058-2501989
Noordmans Maaiservice www.noordmansmaaiservice.nl Britswert 06-23189069	Now Cars www.nowcars.nl Wommels 06-20217985	Nijdam Schadeherstel & Oldtimer restauratie www.nijdamshadeherstel.nl Wommels 0515-333025	Peter Zijlstra Timmerbedrijf Easterwierrum 058-2501559 / 06-34504259	Op 'e Skille www.skille.nl Wommels 0515-332880
Poiesz Supermarkten www.poiesz-supermarkten.nl Mantgum	P. Terpstra Consultancy Mantgum 058-2501009 / 06-22551772	Rabobank Sneek-Zuidwest Friesland www.rabobank.nl	P. Huitema Administratie en Automatisering Wommels 0515-333100	Plattelandsvakantie op Nij Wybranda www.nijwybranda.com Boazum 0515-521344
Schildersbedrijf Lanting Boazum 0515-521645	Schildersbedrijf Nijdam Wommels 0515-332754	Schots Machinery www.marcelshots.nl Wommels 0515-333615 / 06-29026109	Schroevenkopen.nl www.schroevenkopen.nl Winsum 06-22768513	Slachtepop www.slachtepop.nl
Silobags www.silobags.nl Jorwert 06-14394724	Sportcentrum Akkermans www.sport-akkermans-wommels.nl Wommels 0515-425612	Sloepenstallingfabriek Weidum www.bcweidum.nl Weidum 06-25571618	Smids DesignStudio www.smidsdesignstudio.nl Leeuwarden 058-2136052	Stichting Holle Bolle Tsjing
Studio Dyk Mantgum 058-2519371	Studio Haaima www.studiohaaima.nl Bears 058-8795538	Speedway Blauhûs www.facautocross.nl Wolsum	Sijperda Verhuur www.sijperdaverhuur.nl	Schilder en restauratietechnieken Dijkstra Eazsterwierum 058-2501891
T. Bergsma Bouwservice Wjelsryp 06-22740359	Tandartsenpraktijk Mantgum Mantgum 058-2501781	Timmer & Onderhouds bedrijf Jan Pieter De Boer Bears 06-10949013	Technisch Installatiebedrijf D.A. Reekers B.V. www.dareekers.nl Easterlittens 0517-341458	Tichelaar Startmotoren www.startmotoren.nl Winsum 0517-341065
T.M.B. De Jong B.V. www.tmbdejongbv.nl Wommels 0515-331201	Tweewielers De Jong www.tweewielersdejong.nl Wommels 0515-332565	Tuincentrum Gaardenier www.tuincentrumgaardenier.nl Wommels 0515-332900	Van der velde Slaapcomfort, mode en textiel www.uwslaapspecialist.nl Winsum 0514-341268	Veenstra Constructie en Installatie www.veenstrawelsrijp.nl Wjelsryp 0517-341201
van Asperen Bouw www.van-asperen.com Boazum 06-52427825	Wildkamp Sneek Wildkamp.nl 0515-335742	W. Fopma Milieuadvisering B.V. Mantgum 058-2501797	Woonvaria Colors@home www.woonvaria.nl 0515-332605 Wommels	Wiersma Tentenverhuur www.wiersmatenten.nl 058-2519202 Leeuwarden
Weidumerhout welkom@weidumerhout.nl Weidum 058-2519888	Zeinstra Mediaton training en coaching www.trukezeinstra.nl Bears 058-2519724	Doarpshûs Weidum	Doarpshûs MFC ‘De Jister’ Easterlittens	Doarpshûs MFC ‘De Tysker’ Easterwierrum

foar al jim stipe GEWELDICH !!!



Brandsje blusse yn Mantgum



Woansdei wie in prachtige dei. Koos en Bea soene by de brânwacht oan it wurk om te sjen oft dat berop ek wat foar harren wie. Bea woe nammentlik graach brânwarfrou wurde. It wie tige waarm, dat it wie in goeie dei om nei de brânwacht yn Mantgum te gean. De echte brânwacht hat oan de bern útlein hoe it allegear yn syn wurk giet. De bern mochten yn in echte brânwachtauto sitte en sels ek in brandsje blusse. De brânwacht wie hiel entûsjast en hat de bern folle ferteld.

Dernei binne we fierder gien op de fyts, want der wienen noch in soad spultsjes dy't we dwaan koene. Sa moasten de bern op in brancard in hindernis ôflizze. Ek moasten sy spûnzen oer it net hinne goaie en dan wer safolle mooglik fange. In oar spultsje wie mei ferskillende stikken wetterlieding safolle mooglik wetter yn in amer sjen te krijen. Dit is fansels ek hiel wichtich foar de funksje fan brânwacht. Omdat it sa waarm wie, koene de bern ek efkes

lekker swimme yn Mantgum. It wie wol hiel cool om by de brânwacht te sjen. Koos en Bea binne der dochs efter kaam dat se net sterk genôch binne om by de brânwacht te kinnen en it libben fan in brânwacht is ek wol in bytsje spannend. Miskien slagget it moarn better, want dan sil Koos besykje oft hy boer wurde kin en Bea besiket oft sy sportyf genôch is om sportfrou te wurden.

Troch: Tessa en Anouk

Pikefel



EASTERWIERRUM -

Foar it earst die ik dit jier net as lieder, mar as mikrofoanfrou mei oan Spulwike. Ik hie gjin idee wat mij te wachtsjen stie. Mei senuwen stie ik moandeitemoarn te wachtsjen op de earste bêrn. Doe't alle bêrn op'e tribune sieten, moasten de âlders mar nei hûs, in pear bern namen mei trennen ôfskie fan har heit of mem. Gelokkich mar, tocht ik bij myself, ik bin net de ienige dy't in bytsje spannend fynt.

De woansdei gie krekt even oars; de mikrofoan hie ik sels al net iens mear yn'e gaten. De bern opruie foar de dei, boargemoas-

ter fynt dat útfierder Joost it wurk net fantastysk dien hat, wat raze we dan sa lûd mooglik? "Yn'e feart, yn'e feart, yn'e feart!!" Mei in knipeach nei útfierder Joost goaie de bern Joost sa rap mooglik yn dy hearlike drekfeart achter it poadium. Mei de allerlûdste 'Holle Bolle Tsjing' bij de iepening fan it winkelsintrum hie ik pikefel; it lûd fan de bern, de âlders en de lieder by elkoar wie oerweldigjend. Dat is wêr't je it foar dogge. Dy kick dy't je dan krije, is it spulwikegefoel dat je net oan in oar útlizze kinne.

Troch: Marrichje
(Boargemoaster Eastermerke)

No is de Spulwike foarby....

Nei sân moaie jierren is it dien. Ik jou it stokje oer! As ik no werom sjoch, dan is it ienige dat my spyt, dat ik te let begûn bin mei Spulwike. Ik wie "al" tweintich jier doe't Spulwike my binnenhelle. Wat hie ik graach langer fan dit hearlike Spulwike-gefoel genietsje wollen. Fan it Spulwike-firus, fan it Spulwike-kompleks. Want dat is it! It is in firus dat dy grypt en it lit net wer los. De earste jierren as lieder duorre it firus relatyf koart. Fanôf in pear wike foar Spulwike oant sawat ien as twa moanne nei Spulwike. As foarsitter fan Easterlittens duorre it folle langer. Wy begjinne yn jannewaris al mei it betinken fan it tema, Spulwike duorret dêrom foar my de leste jierren sawat 7 as

8 moanne. Je kinne wol sizze dat it in diel fan je libben is. En dat diel slúte je no ôf.

In tiidperk is foarby! It Spulwike-tiidperk! Mar it is goed sa. Der komt in nije generaasje oan dy't it oernimme moat. En it ienige wat wy, as Spulwike-Fossilen, hoopje kinne, is dat dy nije generaasje Spulwike sûnder kleanskuorren troch de Gemeentlike Weryndieling loadse sil! Want ik hoopje dat ek myn bêrn letter mei Spulwike meidwaan kinne. Ha ik dan yn elts gefal in offisjele reden om wer ris om it hoekje te sjen...

Troch: Tanja
(foarsitter Easterlittens)

Simmer yn Wommels



EASTERLITTENS/

WOMMELS - Wy starte hjoed mei in mega estafette. De bern stride tsjin elkoar en de winners meie as earste begjinne mei de speurtocht. Tidens de estafette ferlearen de bern bytiden noch wol ris in pet of slipper, wêrtroch der soms in oantal ekstra hindernissen op de baan leinen. Gelokkich wisten de bern dizze ek goed te trotseren. De speurtocht starte mei in fuotbalpotsje en dernei moasten de bern de reade as blauwe briefkes folge foar de route. Underweis stiene der ferskeidene spultsjes klear, sa as ballontraapje en skippybalestafette. En nei al dy inspanning

wienen de bern fansels ek wol ta oan in ferfrissende dûk yn de feart!

Dêrnei binne wy yn in lange stoet al sjongend nei in swimbad rûn. Swimklean oan, rap ynsmare en it wetter yn! It wie fantastysk waar foar it swimbad, dat de bern hawwe harren goed fermakke. It jonassen wie in hot item en sa fleach de iene nei de oare yn it wetter. Mei syn allen hawwe wy ek noch efkes sjen litten hoe't je in draaikolk meitsje moatte. En sa is dizze dei ek wer foarby flein!

Troch: Jitske en George

Grutsk op ús Spulwikebern



EASTERWIERRUM -

Fannemoarn om healwei tsienen kamen de bern wer fol entûsjasme oan yn Eastermerke. Der waard goed lûd 'Holle Bolle Tjingt'. Lieder Jelte wie hjoed jierdei en hy die foar de 11e kear mei oan Spulwike; reden foar in feestje. We ha goed foar him songen en dêrnei koe hij genite fan in lekkere frisse dûk yn 'e feart. Oer de rest fan de dei ha alle lieder de feart ek wol in oantal kearen fan tichtbij besjoen. Net allinnich de lieder ha genoaten fan it frisse wetter, ek de bern ha genôch wetter sjoen. Bûkglydzje, swimme, spûns- en wetterballon goaie en elkenien, en dan foaral de lieder, efternei sitte

mei in wetterpistoal.

Nei't de bern harren bêst dien ha mei de spultsjes kamen de tariedings foar de optocht en de iepening fan Winkelsintrum 'De Miskeap'. Muzykynstruminten meitsje, sminke, de 'Wie-kan-show' en it lieder vs. lieder spul. Hjirnei wie it tiid foar PANNE PANNE PANNE.... KOEK KOEK KOEK! Mei in folle bûk koene wij ekstra lûd roppe mei de optocht. Nei twa dagen wurkjen oan ús winkelsintrum is it slagge, en binne we grutsk op alle bern. Wat in skitterjende dagen mei in soad wille, sjonge, sinne en wetter!

Troch: Gerry-Edou en Gabriële

Blauwe blauwe blauwe, drek drek drek!!



EASTERLITTENS - De lêste dei fan Spulwike is alwer oanbrutsen.. Alle bern en lieder binne wat gear, mar noch net sa gear as bûter. Dus wy kinne noch wol in dei Spulwike fiere. En wat foar dei: de foksejacht en de survival stjit op it programma. Kin net better! De lieder wienen al fuort doe't de bern op it fjild oankamen. Sy wienen as foks yn it doarp te fynen. De bern koenen jild fertsjinje by de lieder, as se de staaizeopdracht goed útfierden. Der by moasten sy wol goed oppasse foar de plysje, dat dy it jild net wer ôfpakten.

Werom op it fjild makken wy ús gau klear foar it hichtepunt fan dizze wike: DE SURVIVAL. Dat wie wer machtich!! Lekker yn 'e blaue drek en yn 'e feart dobberje. Oan it ein fan 'e dei hawwe wy noch pankoek iten op it plein en mei ferfe goait! Lekker "schminkt" mei alle selsmakke ynstruminten troch it doarp yn 'e optocht!! Wat in opkomst en wat in spektakel op it fjild! Spulwike 2016 is wer slagge!! Oant folgend jier!

Troch: Tanja en Neeltje



Mei in tút wer nei hûs



WEIDUM - Koos en Bea hienen wol yn de gaten dat brânwacht niks foar harren wie. Koos wie te lui en woe wol efkes sjen oft it boerelibben ek wat foar him wie. Bea is krekt net lui en wol besjen

of sportfrou ek wat foar har is. Nei it stimbannesmarren binne de bern tongersdei op de fyts stapt. De iene helte fan de bern begûn moarns mei een fytstocht lâns de buorkerijen. Yn Jellum

wie in boer mei hiel folle kij. De bern krigen te sjen hoe't de kij molken waarden mei een molkrobot en mochten ek in gleske molke priuwe. Yn Bears seagen de bern Olympysk Kampioenen ûnder de hynders en krigen in rûnlieding troch de moaie stâlen. Dernei noch nei de bernebuorkerij yn Bears, de bisten aaie. De oare helte fan de bern begûn mei it fierljeppen yn Winsum. De skâns en lieder stienen al klear. De bern ha earst oefene mei it yn de stok klimmen oan de kant. Dernei mochten se droech springe. Doe't se dit ûnder de knibbel hiene, mochten se oan it echte wurk begjinne. Dat wie moai! Yn 'e arena kamen Koos en Bea ta de konklúzje dat dizze beroppen ek niks foar harren wiene. Bea koe spitigernôch net sa fier springe en foar Koos wie it boerelibben fierstenste swier.

Dan: Pankoeken! De âlders hienen wer harren bêst dien foar ús en brochten hearlike pankoeken. Dernei makken de bern harren op foar in lange jûn. De jongens

gienen de arena yn foar gel en een lekker geurke. De famkes mochten nei it doarpshûs dêr't se prachtich yn de make-up kamen. Doe wie it tiid foar de disko! De disko wie sa slagge dat Koos graach dûnser wurde wol. Dat kaam foaral troch de bern, want wat kinne dy dûnsje siz! Bea liket it dj-libben wol wat, dat is ek machtich. Nei de disko binne we mei syn allen nei Flapper ta rûn wêr't it tiid wie foar in broadsje knakwoarst by it kampfjoer. Doe't de bern op bêd moasten, wie it fansels tiid foar it

tútsjen. Nei dizze lekkere tútsjes ha de bern hearlik slipt. Moarns wienen se al wer betiid wakker en nei it opromjen fan de spullen wie it tiid foar it moarnsbrochje. De bern ha lekkere broadjes bakt boppe it fjoer en harren bûkjes sieten goed fol. En doe.. Tiid foar de puntetelling! Spulwike is spiti-gernôch wer dien en de bern binne troch in grutte hage fan alle lieder útswaaid. Oant takomt jier!

Troch: Remmelt, Sjoerd Theo en Anouk





Spulwike nei de weryndieling

“Hoe komt it eins mei de Spulwike nei 2018?”, wie in fraach dy’t tidens de Spulwike fan dit jier (en ek yn de oanrin der nei ta) troch in protte âlders en oare belangstellenden steld is. In logyske fraach fine wy as Spulwike, dêrom hjirûnder yn it koart wêr’t wy yn it ramt fan de gemeentlike weryndieling mei dwaande binne.

Sa’t jo miskien al witte, hat der yn 2015 in kommisje dwaande west. De Weryndielingskommisje bestiet út Jansien Kamstra, Tsjerk

Bottema, Marjan Koldijk en Anja Wierenga-de Haan, stik foar stik âld-frijwilligers fan Spulwike. Sy hawwe foar Stichting Spulwike Littenseradiel as in soarte fan ad-hoc ûndersykskommisje fungearre en by ferskate partijen ynformaasje ynwûn.

Yn oktober fan datselde jier hat der mei alle hjoeddeistige frijwilligers fan Spulwike in ynformaasje- /debatjûn plakfûn yn Winsum, mei it doel om yn kaart te bringen hoe’t de hjoeddeistige frijwilligers Spulwike nei 2018 it leafst organisearje wolle. En

wêr’t fan harren kant, at it om bepaalde karren giet, draachflak leit. Sawol de Stifting as de Weryndielingskommisje fûnen dit tige wichtich. Ommers: sûnder frijwilligers gjin Spulwike.

Nei de hjirboppe beskreaune jûn hat der in evaluaasje-gearkomste plakfûn dêr’t de Weryndielingskommisje, de Stifting en de nij op te rjochtsjen Kommissje 2018 by oanwêzich wienen. Lêstneamde kommisje is fan dat momint ôf oan de slach gien mei alle

mooglik tinkbere saken oangeande de Spulwike nei 2018. De Weryndielingskommisje is sûnt dat momint stoppen hat it stokje oan de Kommissje 2018 oerdroegen. De Weryndielingskommisje bliuwt tidens it proses wol op de eftergrûn beskikber.

De Kommissje 2018 bestiet út Lidewij de Boer (foar Easterwierrum), Ids de Boer (foar Easterlittens en ponghâlder Stifting), Sietske Okkema (foar Weidum), Johan Koorstra (foar Easterwierrum) en Johannes Hazenberg (foarsitter Stifting).

Dizze groep minsken hat eltse moanne in gearkomste en wurket de plannen yn de oanrin nei de gemeentlike weryndieling fierder út.

As de sitewaasje derom freget, sil de Kommissje 2018 fia de ferskate media fan har hearre litte.

Yn hokkerfoarm dan ek, Spulwike bliuwt ek nei de weryndieling fan 2018 gewoan bestean!

Holle Bolle Tsjing!
Kommisje 2018



Freonen fan Spulwike: “Mei-inoar foar de bern!”

Oan alle minsken dy’t de Spulwike in waarm hert tadrage, Dat Spulwike yn de gemeente Littenseradiel in begryp is, hoege wy net út te lizzen. Elts jier wer genietsje rûn de 600 bern fan in fantastyske earste wike fan de fakânsje yn Easterwierrum,

Easterlittens as Weidum. Wy fan Stichting Spulwike Littenseradiel merke dat der los fan alle frijwilligers ek altyd noch in protte âld-frijwilligers, âlders en oare belangstellenden graach wat foar de Spulwike betsjutte wolle. Tink bygelyks mar oan minsken dy’t

tidens de wike belangeleas saken útlie, komme te sminken of as foks fungearje.

Om boppesteande gestalte te jaan is in nij orgaan yn it libben roppen: Freonen fan Spulwike.

Ûnder it motto “Mei-inoar foar de bern” kin eltse Freon fan Spulwike

jierliks in bedrach fan 25,- stypje. Hjirmei drage jo by oan de moaiste wike fan it jier en wurde jo jierliks, gehiel yn styl fan Spulwike, betanke. Hoe? Dat bliuwt fansels noch efkes geheim.

Koartom: wolle jo graach bydrage oan de Spulwike? Gean dan nei ús

webside www.spulwike.frl en klik op it kopke “Freonen”. Op dizze side fine jo it ynskriuwformulier, dat jo tastjoere kinne fia it mail-adres freonen@spulwike.frl.

Alfêst tige, mar dan ek tige tank!
Stichting Spulwike Littenseradiel